

Rûtekaart

Merke 2022



Sleat

Drylts

Snits

Ljouwert

Dokkum

Frjentsjer

Boalsert

Harns

Feestseal

Hylpen

Merkefjild

Warkum

Starum

2022
Alvestêdetocht

Weidum

Rûtekaart Merke '22

Woansdei 13 july

19.00 iepening

Pak jim fyts út it hok en begjin mar fêst te trainen! Dizze Merke sil iepene wurde mei de tradisjonele fyts-alvestêdetocht. De rûte sil jim lâns alle stêden liede werby't jim de moaiste kreaajes fan de ferskate buerten te sjen krije. De start en finish fan de tocht binne fansels yn Boalsert (Nij Dekama) der't ús eigen Harmonie soarget foar de muzikale útliding. Nei ôfrin stiet der kofje, tee, ranja en oaljekoeken foar jimme klear.

De starttiiden per groep/buert fyne jim foarôf op weidum.eu.

21.00 muzyk yn de seal

As elkenien de einstreek helle hat dan is it fansels tiid foar in drankje! De band Two Dollar Tuesday sil ús yn de feestfear bringe. Dizze fjouwer froulje, mei Weidumer Marije Hoekstra, bringe pop en rock muzyk fan de jierren 80 oant hjoed-de-dei.



Rayonhaden Weidum

Doeke, Jan, Jelmer, Nynke, Roelien, Tjalling, Yldau & Pytrik



Tongersdei 14 july

9.00 bernekeatsen

De dei begjint mei it keatsen foar de bern o/m 14 jier. Der is gjin minimum leeftiid foar dielname, wy gean der wol fanút dat de bern it spultsje kinne. Opjaan kin fia de ynskriuwwkaart.

10.00 moarnsiten op it fjild

In goed moarnsmiel kinne wy allegearre wol brûke nei san feestjûn. Om 10:00 binne de tafels dutsen en kinne jimme oanskowe foar in hearlik brochje en om gesellich by te praten mei elkoar. Graach opjaan fia de ynskriuwwkaart.

11.00 bernespultjes

Om 11 oere is der in spultsjesprogram foar de bern fan groep 1 oant en mei 6. Fansels stiet dit allegear yn it teken fan de Alvestêdetocht. Der is ranja en wat lekkers foar ûnderweis. Opjaan kin fia de ynskriuwwkaart

11.00 skeelerclinic

De bern fanôf groep 7 oant en mei 14 jier kinne tidens dizze profesjonele clinic in goede basis lizze foar in echte Alvestêdetocht op it iis. Opjefte fia de ynskriuwwkaart. Sels gjin skeelers? Sjoer ús dan even in mail.

13.00 Tocht der Tochten

In wiere meunstertocht; dizze heuse Alvestêdetocht sil troch jim miskien wol herinnere wurde as de Hel fan '22. Yn groepkes sil besocht wurde alle stempels by elkoar te sammeljen tidens de Tocht der Tochten troch it doarp. Fansels komme jim útdagings tsjin as klûne, in wak en it goeie paad hâlde. Oan de ein fan de rûte sil der in grut einspul wêze foar alle teams. Krekt as by in echte Alvestêdetocht wurde jim ynlotte yn in startgroep. Opjaan kin fia de ynskriuwwkaart (fanôf groep 7)

15.00 55+ aktiviteit

Foar de Weidumer fiifenyftichplussers stiet der wer in leuke aktiviteit op it program. Lykas oars is dit alles ûnder it genot fan in hapke en in drankje. Wy sammelje by it doarpshûs. Opjaan fia de ynskriuwwkaart.

15.00 - 18.00 neisit op it fjild

Neiprate en bekomme fan de swiere tocht kin mei in lekker drankje en muzyk fan Reinout Weima.

20.30 Weidumer jûn

De Weidumer Jûn, wy sille jim ferrasse mei in jûn fol wille en in spannende ûntknoping! Nei ôfrin is der muzyk fan de Jip & Daym. Dizze twa spontane jonge mannen ha in grut repertoire oan meisjongers foar jong & âld.

Freed 15 july

8.00 keatsen

In bytsje oars as oars, mar noch folle leuker! Eltsenien kin wer meidwaan oan de merkepartij. Krekt as foargeande jierren is der yndividuele opjefte. Opjaan kin fia de ynskriuwwkaart (fanôf 15 jier). Kom optiid want we ha in strak skema!

10.30 bernematinee

De bern fan de basisskoalle meie de seal efkes opwaarmje en kinne in heal oerke dûnsje yn it doarpshûs. Foar wa't ferklaaid komt is der ek noch in leuke priis te winnen.

12.00 - 15.00 matinee

As de earste omlopen ferkeatst binne stappe wy om 12:00 fuortendaliks de feestseal yn wer't Orkest Butterfly klear stiet om de seal op syn kop te setten. Komme jimme wer orizgineel ferklaaid? Dan meitsje wy der mei ús allen wer in nea te ferjitten feest fan!

12.00 bernebarren

Earst lekker patat ite en dernei oan de slach mei bamboe en elastieken. Mei dizze materialen kinne de moaiste bouwurken makke wurde. Miskien slagget it wol om de Aldehou as de Wetterpoarte nei te meitsjen. Graach opjaan fia de ynskriuwwkaart.

15.00 - 18.00 lekker ite en neisitte

Noflik bekomme en gesellich mei-inoar genietsje fan in hearlik winters buffet mei alles der op en der oan.

16.00 keatsen (finales)

Allinne de échte toppers komme nei it matinee noch yn aksje om foar de priizen te keatsen. Fansels binne wy hiel nijskjirrich of dit foar ferrassende útslagen soargje sil.

21.00 muzyk yn de seal

We slûte dizze 'tocht' ôf mei in spetterjende feestjûn yn de seal. Flame Coverband sil soargje foar in muzikale tocht lâns dance classics, rock of the 80's, trance of the 90's en fansels de grutste meisjongers.

WISTEN JO DAT?

- wy dit jier wer Merke fiere op it keatsfjild
- wy gebrûk meitsje fan de doarpshûs Weidum munten
- jim op it fjild mei deselde munten betelje kinne
- der gjin eigen konsumpsjes op it fjild nuttige wurde meie
- merke fiere fansels net sûnder finansjele stipe kin
- wy op woansdei 29 juny fanôf 18 oere komme te listrinnen
- om de merke draaiende te hâlden jo al gau tinke moatte oan in bydrage fan €40 euro de man/frou
- der tidens it listrinnen betelle wurde kin mei PIN, kontant as fia in Tikkie
- minsken dy't noch net op de list tekene hawwe dit by binnenkomst op 'e seal dwaan kinne

- wy foar ien jûn merke fiere €15 p.p. freegje
- der gjin minimumleeftiid is om op 'e seal te meien. Us advysleeftiid is 14+ alders altyd ferantwurdlik binne foar har eigen (minderjierrige) bern
- der gjin alkohol skonken wurdt oan minsken ûnder de 18 jier
- wy it leuk fine as eltsenien de flagge úthinget en ek de buerten krekt as oars fersierd wurde
- alle aktiviteiten op eigen risiko binne
- it springkessen ornearre is foar de bern oant en mei 12 jier
- fierdere ynformaasje fanôf no ferrinne sil fia de webside www.weidum.eu,
- hâld dizze goed yn 'e gaten foar alle updates.
- jim foar fragen as oare belangryke saken in mail stjoere kinne nei merkeweidum@gmail.com